

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26




© Foto útjouwerij van der Meulen.bv Snits (1935)

Tsjaerddyk 26

Smid Hein Heinsius en syn frou Durkje Boersma ha it plan opfette om foar harren dochter Sytske en harren skoansoan Feike Damstra (zoon van Klaas Damstra en Klaaske de Boer) in komelkerij bouwe te litten. Hein Heinsius wol dêrfoar it stikje tsjerkelân keapje oan 'e Tsjaerddyk, oan'e ein fan it doarp. Nei oerlis mei de tsjerkfâden kin hy it lân keapje mei in erfpacht foar ûnbeskate tiid fan jierliks 7 gûne.

Yn 1905 hat de gemeente nije regels foar it bouwen en ferbouwen ynfierd. Hein Heinsius is de earste út Folsgeare dy't yn maart 1905 in bou oanfraach yntsjinje moat foar it bouwen fan in hûs.



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26

Al daliks by de bou fan it hûs tsjinnet hy yn augustus 1905 ek in bou oanfraach yn foar in feestalling en in heaberch.



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Feike en Sytske hierden in part fan'e buorkerij dêr't no Siep van der Velde wennet (Tsjaerddyk 44).

Se ferhúzje yn 1906 mei harren trije bern nei it nije pân. Hjir wurde noch ris trije bern berne.

Underwilens giet it finansiell minder goed mei smid Heinsius. Hij hat tefolle hea op syn foarke nommen. Yn jannewaris 1911 wurdt it fallisemint fan Hein Heinsius útsprutsen en komt de komelkerij te keap. Yn maart 1911 is de finale ferkeap yn hotel Schram yn Snits.

Folkert Alta en syn skoanheit Hendrik Dirks Twerda keapje de wenning. Feike Damstra hat noch in hierkontrakt oant maaie 1912 mar kin der dêrnei ek wenjen bliuwe.

Hendrik Dirks Twerda ferstjert yn 1916. De erfgenamen wolle fan'e besittings fan harren heit ôf en de komelkerij komt te keap.

De nije eigner wurdt Willem Jans Twijnstra, boer op de pastory pleats yn Folsgeare en sweager fan Feike Damstra. (Willem Jans is troud mei Feike syn suster Tjiskje). Feike en Sytske kinne ek nei dizze ferkeap yn it hûs wenjen bliuwe.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26

Jan Willem, de âldste soan fan Willem Jans en Tjiskje, trout op 17 maaie 1923 mei Yke van Zanten.



Jan Willem en Yke, db Folsgeare

Feike Damstra en Sytske ferhúzje nei Tsjaerddyk 44 dêr't Feike in foeraazjebedriuw begjint.

Dêrnei komme Jan Willem en Yke op'e komelkerij.



Jan Willem en Yke krije yn 1924 in soan: Willem Jans.

foto db Folsgeare

1925 : *Fjouwer geslachten Twijnstra foar it foarhûs fan'e pastorypleats*

f.l.n.r: Jan Willems Twijnstra 1833 - 1927, Willem Jans Twijnstra 1871 - 1952, Willem Jans Twijnstra 1924 - 1966 en Jan Willem Twijnstra 1899 - 1995. Na Willem folgen nog vier kinderen.

Nei Willem komme der noch fjouwer bern.

Famylje Twijnstra: Willem, Jan, Tsjiskje, Klaas, Yke, Ymke en Thys.

foto db Folsgeare



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26

It is in swier bestean mei mar romte foar acht kij op stâl. It lân wurdt hierd en de bern moatte foar skoaltiid al meihelpe om foar de bisten te soargjen.

Jan Willem is nêst boer eins feehanneler. Hy komt fan syn fjirtjinde ôf alle wiken op'e feemark fan Snits. De feemark hat de grutste skiep- en lammemerk fan Nederlân en hy advertearret ek yn'e Ljouwerter Krante.

Yn 1941:

Ondergeteekende houdt zich beleefd aanbevolen voor het leveren van Schapen aan de Centrale

J. TWIJNSTRRA erkend markthandelaar handelaar. Folsgeare



Jan Twijnstra, links mei donkere jas en pet, op'e feemark yn Snits.

foto db Folsgeare

Oer Yke wurdt ferteld dat se saaklik wie en net samar te oertsjûgjen. Doe't der immen by har oan'e doar kaam mei it boadskip dat de kontribúsje fan it tsjerkebledsje mei 2 kwartsjes omheech gien wie, betelle se dat net samar. "Dat wol ik dochs earst yn it tsjerkebledsje lêze"

Yn 1963 beslute Jan en Yke te ferhúzjen nei de neibou oan'e Easthimmerwei.

Soan Willem is troud mei Uilkje Muizelaar en hja komme no oan'e Tsjaerddyk te wenjen.

Yn 1966 ferstjert Willem al op jonge leeftyd oan kanker, syn frou giet werom nei Gaasterlân.

Murk Jelle Damstra en Klaske Bruinsma keapje it hûs.

Ut dy tiid komt it neikommende ferhaaltsje:

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26

Tsjin Murk en Klaske oer wenne in húshâlding mei 11 bern. De ien nei jongste soan en syn maat hiene sjoen dat der by Murk Damstra wat lekkers op'e tafel yn'e koken stie. De jonges hiene dêr wol sin oan. Se tochten dat de doar op slot wie en kropen troch it keukensrút nei binnen ta. Lykwols, doe't se werom woene, bleau ien fan'e jonges hingjen yn it keukensrút.

Yn 1972 waard de foeraazjehannel fan Murk syn heit fallyt ferklearre. It hûs fan Murk en Yke moast doe ek ferkocht wurde. Se ferhûzen nei Abbegea, dêr't Yke noch altyd wennet (2020).

Ljouwerter Krante 1972

TE KOOP: Vrijstaande Burgerwoning op 3 km afstand van Sneek met losstaande schuur en ruim erf. Geschikt voor veestalling, varkensmesterij.

Na betaling vrij te aanvaarden

Te bevr. M Damstra Folsgeare 19 (no 26)

It pân wurdt kocht troch it krekt troude pear Jacob Kuipers en Aukje Ages Cnossen. Aukje is ferneamd nei Aukje Lieuwes Cnossen (in dochter fan Lieuwe Sjrks Cnossen en Marie Jans Rienstra dy't fan 1891 oant 1916 op Strûpenkeal buorke)

Jacob en Aukje krigen twa bern, Hantje en Agnes, dy't wilens it âldershûs ferlitten hawwe.



foto Wytske Heida

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 26

Yn 1983 is de skuorre ferboud en hat de hjoeddeiske foarm krigen.



foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: db Folsgeare, Wytske Heida, Atse Bruin, útjouwerij van der Meulen bv Snits

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.